

KRYPTOGRAM 203a

Horizontaal:

1 Ferwiiskaart nei de logopedist (10);
 6 Dêr 't bisten binne, sykje minsken beskûl (4);
 10 Earste ôfbeakening fan in dyk (6);
 11 It besette hûs heart net botte solide (8);
 12 Boartersguod fan in ienaaiïge twilling (4);
 13 Kies bestek dat toanoanjouwend (10);
 15 Hja hâlde de spanning yn de mytology (7);
 18 In ferdwaalde earn yn Epe (7);
 19 Sûnder public relations liket it mâl mei de sport (3);
 20 Steat dy't ophâldt te bestean (7);
 21 Underkin by feestklean (7);
 24 Raant de Alvestêdefoarsitter it iis dêryn? (10);
 26 Ingelsk wyfkekryn fan njoggen jier (4);
 27 Gjûn foarlik feest op de sportfjilden (8);
 28 De winsk dat it perfekt is (6);
 29 Lichaamlike útdrukking (4);
 30 Yn alle steaten (10).

Fertikaal:


2 Dêr 't de Fryske troela's wenje (7);
 3 Roman fol printflaters dy't de foargonger ek al hie (7);
 4 Skile Els en ik tegearre (5);
 5 Dy hat yn wêzen in read mansjet (11);
 7 Benzinediskes (9);
 8 It reade efterljocht fan de lêste (9);
 9 Hat

yn de bou earst alles fernield (8);
 14 Oangripend tydskrift (11);
 15 Yn de bou krijt men in sterke lea (9);
 16 De E fan jerke (9);
 17 It binne net iens dûnsers (8);
 22 Barde gjin twadde kear yn Selmien (7);
 23 In pakje boppe de kowestâl (7);
 25 Keamer muzyk (5).

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 23 - 28 - 24 - 8 - 30 - 3 in Fryske plaknamme. Mail dy namme nei denksport@lc.nl, ûnder fermelding fan Kryptogram 2032a. Of skriu dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: Kryptogram 203a.

De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **27 april** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in boekebon ferlotte.

BOEKENBON t.w.v. €25,-



Kryptogram 202a:

Plaknamme: **BOKSUM**
 Winner Boekebon:
 M. Bremer, Heerenveen

LEEWARDER COURANT

15-4-2023